

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinners: SP, FNP
Mei-yntsjinner(s): 50PLUS, GL, PvdA, D66, CU, CDA, PvdD

Moasje nr.	07
Paraaf	
Wurklistpunt	08
Beslút	

MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde

Steategearkomste	22 septimber 2021
Wurklistpunt	08. Lânbou-aginda
Koarte titel fan de moasje	(Digitale) enkête boeren
<p>De Steaten, yn gearkomste byien op 22 septimber 2021,</p> <p>heard hawwende de rieplachting;</p> <p>konstatearjende dat:</p> <ul style="list-style-type: none">• in grutte groep boeren oanjout dat sy net heard wurde en dat lilke boeren meardere kearen op en foar it Provinsjehûs demonstrearre hawwe;• de tradisjonele organisaasjes dy't opkomme foar de belangen fan agrariërs hieltyd mear ferdiel en fragmentearre reitsje, omdat in part fan de boeren har net mear troch harren heard of fertsjintwurdige fiele;• de provinsje Fryslân stribbet nei in duorsume, natuerynklusive lânbou: in lânbou dy't grûnbûn en sirkulêr is, bydraacht oan it werstel fan it bioferskaat, maatskiplik draachflak hat én duorsum rendearret;• der foar de transysje nei in duorsume, natuerynklusive lânbou, in transysjefûns "natuurinclusieve kringlooplânbou" ynsteld wurdt; <p>oerwaagjend dat</p> <ul style="list-style-type: none">• der faak mear <i>oer</i> dan <i>mei</i> boeren praten wurdt;• de provinsje de groei fan it oandiel kringlooplânbou en biologyske lânbou stimulearje en fasilitearje wol, lykas ôfsprutsen yn it bestjoersakkoart '<i>Lok op 1</i>';• it wichtich is fan de yndividuele agrariërs sels te witten ûnder hokker betingsten sy ree binne oer te skeakeljen nei natuerynklusive kringlooplânbou en biologyske lânbou; <p>fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten</p> <ul style="list-style-type: none">• in (digitale) enkête út te setten by de yndividuele agrariërs yn Fryslân en har te freegjen ûnder hokker betingsten sy ree binne oer te skeakeljen nei natuerynklusive kringlooplânbou en biologyske lânbou;• de enkête sa op te stellen, dat boeren oanjaan kinne wat goed giet, tsjin hokker obstakels hja oanrinne en hoe't hja tinke dat dy oplost wurde kinne;• de útkomsten fan de enkête te brûken foar it opstellen fan de útfieringsaginda foar it transysjefûns "natuurinclusieve kringlooplânbou"; <p>en gean oer ta de oarder fan de dei</p>	

MOASJE

Yntsjinners	SP, Hanneke Goede FNP, Wopke Veenstra 50PLUS, Theun Wiersma GrienLinks, Jochem Knol PvdA, Hetty Janssen D66, Danny van Weijde-Hoogstad ChristenUnie, Wiebo de Vries CDA, Maaïke Prins Partij voor de Dieren, Menno Brouwer
-------------	--